

Stichting Tillehûs

Sa, it is septimber 2014. Ús MFA is hielendal klear, wy binne út de reade sifers en as bestjoer en kommisjes kinne we moai achteroer leune. Noch even iepenje en hoppa, dêr giet it hinne.....

Bêste minsken, wie't mar wier!

Wy sitte yn de lêste fase fan hast klear, mar noch net hielendal. Dit pipet noch, dat kreaket, dit blaast, dat lekt, dit te grut, dat te lyts, dit bryk en wa soe dát ek noch mar wer dwaan? It tilt noch alle dagen op fan de wurkmannen dy't "nog even" wat ôf meitsje moatte. De architect, de pachters, de frijwilligers, de kommisjeleden, it bestjoer, se lûke allegear oan de achterste foet om it MFA klear te krijen.

En ja, ûndanks de moaie bydrage út it doarp, ûndanks de ynset fan safolle frijwilligers, ûndanks tûk ûnderhanneljen en kloek boekhâlden, bin we troch de hieltyd wer tsjinfallende subsydzjes, toch yn de reade sifers belâne. It jild is no echt op!

Wy ha noch in pear izers yn it fjoer om in bydrage, mar dat bliuwt ôfwachtsjen!

Ûndertusken ha we in prachtich gebou. Mei kleuren wêr't elk fleurich fan wurdt. Glimt dokter fan grutskens op har moaie romme praktyk. Wurdt der al fanatyk skrept en switten by de fysio. De sportseal wurdt al wakker brûkt. Ús seal is prachtich! Dat kin net sein wurden fan de âlde ynrjochting, dy't fan de Gemeente is. Mar dêr wurdt nei sjoen, wat stikken is makke, en wa wit, miskien komt der hjir en dêr ek noch wat nij materiaal by! Wy binne oe sa wiis op ús sportflier. Sille we der meielkoar op passe, en de skuon út dwaan?!

De logopediste hat har plakje fûn en de thússoarch sil har wol gau ynrjochtsje. It jeugdhonk wurdt oanklaaid en gesellich makke.

It doarpshûs diel is al yn gebrûk, ek al is noch net alles klear. It lûd en it ljocht fan it toniel moatte we mei wachtsje, fanwege in mooglike subsydzje.

Toch is it earste, tige slagge, feest al hâlden yn it nije gebou. De 50 jierrige Rietvoorn hie de eare. Der wurdt al drok fergadere yn de boppekeamer, en ús, net iens djoere, fergaderstuollen sitte prima!

It plein en bûtenom wurdt hurd oan skript troch frijwilligers. De beplanting kin net earder as fan't hjerst yn de grûn.

Al in hiel soad minsken witte ús nije MFA te

finen; it belooft in moai libben hûs te wurden! As jo dit lêze hoopje ik dat we alwer folle fierder binne mei de lêste ditten en datten. En dan.....kinne we it gebou meielkoar feestlik iepenje!

Hoe as wat, dêr wurdt noch hurd oan wurke. De datum kin ik jo al wol trochjaan:

Freed 7 novimber offisjele iepening. Saterdei 8 novimber iepen hûs. Neiere ynformaasje folget. Hâld ús webside ek yn de gaten.

Alfêst : fan herte wolkom yn ús prachtige nije Tillehûs!

Út namme fan it bestjoer, Lys Visser, foarsitter.

